**SKRIFTLIKE FRAGEN, kêst 39 Reglemint fan Oarder**

| | |
|---|---|
| Rjochte oan | deputearre Galema |
| Underwerp | Sâltwinning NW-Fryslân |
| Fragen | Jim Kolleezje hat yn in brief **(1)** oan de minister fan EL&I nochris mei klam frege om sa gau mooglik op te hâlden mei de sâltwinning ûnder de fêste wâl yn Noardwest-Fryslân Dit brief ferwurdet it stânpunt fan Fryslân 'mede namens de betrokken gemeenten en inwoners' en is in reaksje op it nijste brief **(2)** fan de minister fan EL&I oan de Twadde Keamer oer de sâltwinning. Dêrnei krigen de Steaten in brief **(3)** fan de Feriening foar Doarpsbelang Schingen-Slappeterp mei de konklúzje dat de gemeenten ûnderwilens 'geen eensluidend standpunt betreffende continuering van de zoutwinning onder land hebben.'<br><br>1. Is it krekt dat de Fryske oerheden no net langer ien line lûke tsjinoer it Ryk?<br><br>2. Hat der tusken 8 july en jim brief fan 22 july noch bestjoerlik oerlis west mei de gemeenten yn Noardwest-Fryslân?<br><br>3. Sa ja, wat wie de útkomst dêrfan?<br><br>4. Binne jim it mei de FNP iens dat in ferdield hûs yn Fryslân sels net sterk oerkomt tsjinoer de minister fan EL&I ?<br><br>5. Binne jim dan ek ree om alle war te dwaan foar in ienriedige Fryske opstelling tsjin de sâltwinning ? Hokker stappen ûndernimt jim Kolleezje no dan om dat te berikken?<br><br>6. As de konklúzje yn it brief fan Schingen-Slappeterp net korrekt is, kinne jo dan útlizze hoe't it wol krekt sit mei de opstelling fan de Fryske oerheden?<br><br>7. Hokker gefolgen hat ien en oar no foar it rinnende gebietsproses yn Noardwest-Fryslân? Wannear kinne de maatregels foar de wetterhúshâlding en oare skea as gefolch fan boaiemdelgong troch de sâltwinning útfierd wurde ?<br><br>***(1)*** *Brief 22/28 july 2011, kenmerk 00965448*<br>***(2)*** *Brief 8 july 2011, kenmerk ETM/EM 11081945*<br>***(3)*** *Brief 5 sept 2011* |

| | |
|---|---|
| Yntsjinner | FNP, Anna Martha van der Mei |

| | |
|---|---|
| Datum | 7 septimber 2011 |